

Maart 2023

# de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 68 nr. 2

## Wat sit der yn de koer?

### Programma 2022-2023

Datum	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
Sneon 1 apr. 2023	Seist-N	20:00 oere	Kabaret <b>Noordenbos &amp; Ko</b> spilet "Gjin C te heech", sjoch siden 4 & 5

\*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist

### Meidielingen bestjoer

- It is al wer ta oan de lêste aktiviteit yn it winterskoft 2022-2023. In betûfte ploech soarget foar in bysûndere jûn. Kom manmachtich!

### Boun om Utens ([www.fryskbutenfryslan.fr!](http://www.fryskbutenfryslan.fr!))

- It Boun om Utens bestiet dit jier 100 jier. It jubileumfeest foar alle kriteleden is op sneon 16 septimber 2023 yn Zwolle. Yn dizze Kritekoer is it programma foar dy dei opnaam. Ek kinne jo lêze hoe't jo jo opjaan kinne, dit moat foar 15 juny 2023. In feestlike dei!

### Fan de foarsitter

Wylst ik dit sit te typen, snijt it hjir ôfgryslk. De hiele dei hat it reint. No, om 16.00 oere, snijt it behoarlik en it bliuwt ek noch lizzen. Dit sil wol fan koarte tiid wêze, want de temperatuer is boppe nul. It is altyd in moai gesicht, sa'n wite wrâld. Ik hie de hiele dei al pine yn de holle, dat haw ik altyd, as der snie op komst is. Net sa, dat ik dêr net lekker fan bin, mar ik fiel it altyd oankommen! Der binne mear minsken, dy 't dêr lêst fan hawwe. No ja, ik haw dit al jierren. Meastal gean ik dan efkes foar in kuier ta de doar út. Mar no earst dit stikje mar efkes tikje. As der dan noch snie leit, mar efkes nei bûten mei anty-slip-learzens oan. En de kop yn de snie!

Ofrûne sneon hiene wy de 'high tea' mei spulstjes. It wie in gesellige middei en ik tink, dat elkenien it wol moai fûn. Wylst jo mei de spulstjes dwaande wiene, koene jo noch wol ris in praatsje mei-inoar meitsje. Dêr komme jo oars net sa gau oan ta.



No sjogge wy mekoar wer op 1 april yn Seist. Dêr komt foar ús it Selskip Noordenbos en Ko mei 'Gjin C te heech!'. It sil, krekt as oare kearen, fêst in moaie jûn wurde. Fierderop yn dizze Kritekoer kinne jo lêze hoe en wat. Dit is dan alwer de lêste jûn yn dit winterskoft. De tiid hâldt gjin skoft! Justerjûn (9 maart) hawwe wy it al wer oer it kommende winterprogramma hân. Allinne de data fêstlein, want wy moatte al op'e tiid de sealen reservearje. No minsken, dit wie it foar no. Ik hoopje, dat wy op 1 april in soad leden begroetsje meie, oars is de seal sa leech. En dat is foar de minsken, dy 't út Fryslân komme, net sa moai! Allegear dy 't siik binne, winskje ik betterskip ta, Ik hoopje mar, dat jimme gau wer opknappe!

*Mei in hertlike groet fan Pietie Westdijk-Kaastra*

### **De 'High Tea' op 4 maart 2023**

De middeisgearkomste luts 22 leden nei de Bijkershoek. Foarsitter Pietie hiet ús wolkom . De kofje, tee, jus d'orange en prosecco stiene klear. Der wurden sawol waarme as kâlde hapkes brocht en ferskate swiete lekkernijen. Wy songen it Frysk folksliet. Hjernei koene de minsken kieze út in grut ferskaat oan spultsjes: sjoele, kwartetspullen (ien derfan wie it Frysk kwartetspul, útjefte 'De blauwe seilbokse'), Alvestêdespullen, ensfh. Trieneke hie in kwis fan 11 fragen oer de Alvestêdetocht makke. It wie noch net sa maklik: de bêste hie 7 fragen goed. Der waard mei ynmoed spultsjes dien, de hapkes fan de Bijkershoek wienen hearlik. Ik sjoch werom op in gesellige middei.

*Jan Piet Bergmans*





It bestjoer fan  
**Selskip Mei Inoar Ien**  
nûget jimme út foar in noflike jûn mei



### 'Gjin C te heech!'

Hurde wyn, wylde weagen, heech wetter,  
Foar **Noordenbos en Ko** giet gjin see te heech!

De moaie loftten, de waarme sinne, de stilte fan it waad....

Dat alles joech ús ynspiraasje en sjongnocht!

Mei teksten en muzyk fan eigen boaiem  
en in knypeach nei 'Toppers van toen'.

<b>Datum:</b>	1 april 2023
<b>Lokaasje:</b>	Noorderlichtkerk, Bergweg 92B, Zeist
<b>Seal iepen:</b>	<b>19:30 oere</b>
<b>Tiden:</b>	20:00 oere - ± 22:30 oere
<b>Ynlis:</b>	€ 12,50



**Ferkeap oranjekoeken, sûkerbôlen en sûkerlatten**  
**Ferkeap healsliten boeken**





**Spilers:** Aline van der Wey-Struiksmā  
 Renie Zuiderveld  
 Janneke Themmen-Westra  
 Klaske Kingma-Noordenbos

**Oan'e piano:** Pieter Jelle van der Laan

**Lûd:** Lourens Koldijk

### Ferfier nei kritemiddei of kritejûn

As jo sels gjin ferfier hawwe, kinne jo jo uterlik woansdei 29 maart by Trieneke Vos opjaan om mei te riden mei de Fryske taksy: 06 -2512 4335. Sprek eventueel dit boadskip yn: **“Mei ..... Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn tillefoannummer is .....”**

Wy soargje foar it nedige tal auto's. Jo wurde ophelle by de foardoar en krije te hearren hoe let jo klear stean moatte. As jo dizze kear **Fryske-taksy-sjauffeur** wêze kinne, dit ek graach oan Trieneke trochjaan.

*Safolle mooglik leden moatte meidwaan kinne; wy binne Mei Inoar Ien!*



## Utnûging Jubileum 100 jier FBoU sneon 16 septimber 2023

Alle Friezen om Utens binne dy dei wolkom yn  
wyksintrum SIO, Thorbeckelaan 2, 8014 AZ Swol

### Programma

#### Moarn

10.00 oere: Ynrin

11:00 oere: Wolkom, iepening en Frysk folksliet

Fanôf 11:20 oere:

- ❖ Optredens Grytsje Kingma en Rob du Jardin
- ❖ Taspraak bekende Fries om utens
- ❖ Utrikking jubileumboek
- ❖ Utrikking predikaat KENINKLIK (*as it slagget...*)
- ❖ Jubileumliet

12.45 oere: Lunsj en toast op 100 jier FBoU!

#### Middei

14:00 oere: ❖ Optreden Bounskoar (koaren Swol en Lelystêd)

❖ Optreden Gurbe Douwstra

15.00 oere: Skoft

15.30 oere: ❖ Spesjaal jubileumprogramma HYMPHAMP Theater

17.00 oere: Tiid foar moeting en petear

18.00 oere: Waarm en kâld buffet

19.15 oere: Ofsluting

19:30 oere: Ein programma



**Kom nei dit histoaryske, feestlike, Fryske jubileumfeest!**



### Kosten

- Allinnich moarns: € 15,00 p.p. (lunsj ynbegrepen)  
 Allinnich middeis: € 20,00 p.p. (waarm miel ynbegrepen)  
 De hiele dei: € 25,00 p.p. (lunsj en waarm miel ynbegrepen)

### Opjefte foar 15 juny 2023

Kriteleden en net-kriteleden kinne har opjaan by krite-skriuwer Jan Piet Bergmans. Fia gewoane post: Langeweg 75, 4133 AT Vianen, fia email: j.p.bergmans@casema.nl, of telefoanysk: 06-2718 4195.

Graach trochjaan: namme(n), adres, wenplak en emailadres. Fierder of jo de hiele dei, allinnich moarns of allinnich middeis komme en of jo dieetwinsken hawwe.

### Betelje foar 15 juny 2023

Elkenien dy't him opjout, betellet syn kosten op rekken: NL94 INGB 0000 3200 77 fan It Frysk Boun om Utens te Hoarn, ûnder fermelding fan namme(n) en 'FBoU100'.

*Wa't, om hokker reden dan ek, foar 31 augustus syn/har opjefte weromlûkt, krijt it jild werom.*

Hâldt fierdere meidielings oer it Jubileum by op [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl).



## KONTAKT

### Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen



### Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaasta, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

### Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaasta, (06) 5316 4098, pcwestdijk@kpnmail.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

### Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer en Nora Koren

### Bank

NL05 INGB 0000 1940 27 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

**Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?**

**Graach ynleverje by de skriuwer!**

**Slutingsdatum kopij: woansdei 30 augustus 2023**

